

Abe en de Aardichman

Tialda Hoogeveen



Ynteraktyf foarlêze

Ynteraktyf foarlêze wol sizze dat elkenien ûnder it foarlêzen aktyf by it ferhaal belutsen wurdt. De foarlêzer stelt bygelyks fragen oer wat der krekt foarlêzen is, lit de bern dingen oanwize yn it boek of freget de bern wat sy derfan tinke. Sa kinst as foarlêzer goed oanslute by de bern en wurde de bern mear belutsen by it ferhaal. Ek helpt it de bern om it ferhaal better te begripen.

Ynteraktyf foarlêzen kin op alderhande manieren en by alle boeken.

Foar it lêzen

- Lês foar it foarlêzen sels it boek en de fragen dy't hjirûnder steane in kear troch.
- Sykje in noflik plakje om foar te lêzen. Soargje dat elkenien it boek goed besjen kin.
- Sjoch mei-inoar nei de bûtenkant fan it boek. Wat is de titel fan it boek? Wa steane op de foarkant fan it boek? Wat dogge se? Hoe fiele se harren, tinkst? Wat stiet der op 'e achterkant fan it boek?
- Besjoch ek de skutblêden fan it boek. Kinne jim alle beestjes fine?

Tips foar lê-, sjoch- en lústerfragen

Praat ûnder en nei it foarlêzen oer de fragen:

- Haadstik 1 (H1): Wat dogge heit en mem? Wat fynt Abe fan it famke dat by it stek stiet? Wat soe der ûnder strûk sitte?
- H2. Heit seit: 'It liket wol ofsto in spûk sjoen hast.' Hat Abe in spûk sjoen? Wat tinksto: is dat nuvere bulstje wol of net freonlik?

- H3: Abe rint de tún yn. Hy is bang en nijsgjirrich. Bisto wolris bang west? En nijsgjirrich? Hoe fielt dat?
- H4: Earst woe Abe net mei Sibrich prate, mar letter wol. Hoe kaam dat? Abe is bliid as er wer yn 'e hûs komt. Wêr is er bliid fan wurden?
- H5: Oan Sibrich fertelt Abe oer de Aardichman. Wat fynt Sibrich dêrfan?
- H6: Abe glidet yn it wetter. Wat dogge Sibrich en de jonges? Hoe fielt Abe him? Hoe komt dat?
- H7: Wat is der mei de brânsputauto fan Abe bard? Wat is mem fan plan mei de strûk?
- H8: Wêrom docht Abe de kaai fan it stek yn 'e bûse? Earst woene Abe en Sibrich net mear mei-inoar boartsje en no wol wer. Hoe kin dat?
- H9: Sibrich en Abe springe oer de sleat. Hasto dat wolris dien? Wat fynt Abe derfan dat de magyske ierde nachts struit wurde moat?
- H10: Wat is der mei de strûk bard? Hoe kin dat, tinkst? Wêr komt de brânsputauto wei?
- H11: De Aardichman wie Abe syn freon doe't er allinne wie. Hasto ek sa'n freon of wolris sa'n freon hân? Wêrom geane de Aardichman en de Modderman fuort? Net alle fragen hoege steld te wurden. Kies de fragen dy't passe by de bern of betink sels oare fragen om de bern te belûken by it ferhaal. Lês it boek sa faak foar ast wolst en brûk deselde of oare fragen.

In gedichtsje

It gedichtsje is te finen yn de Temateek fan Spoar 8 en op www.keimpe.frl.


Ferhúzje

Hjoed bin ik frij.
Hjoed ferhúzje wy.
Us heit en mem en ik
en myn hûntsje Mik.
Dei, ferhúsmenear!
Wês foarsichtich mei myn bear
mei myn boeken en myn tas
mei myn nije spikerjas,
mei myn lampke en myn trein,
mei myn wite plysjewein,
mei myn fuotbal en myn bril
mei myn plestik krokodil
mei myn krytsjes en myn mûs,
mei myn nije poppehûs.
Dei ferhúsmenear!
Wannear binne jo no klear?



Betink sels noch mear dingen dy't mei moatte asto ferhuzest.

Nedich:
natuerlike materialen,
ferve yn grien en brúntinten
(evt in reade of blauwe kleur derby),
in fel papier,
in skelk of âld shirt,
in kwaste,
kleurpotleaden of stiften.



Om te dwaan

Stimpelje mei natuerlike materialen

Besjoch mei-inoar de yllustraasjes yn it boek 'Abe en de Aardichman'.

Sykje yn 'e tún bledsjes, beikes, tûkjes en oar guod. Lis in fel papier klear. Tink om dyn klean: doch in skelk (schort) foar of doch in âld shirt fan heit of mem oan. Smar in bledsje yn mei ferve.

Druk it bledsje mei de ferve in pear kear op it fel papier. Doch dat ek mei de oare dingen dy'tst fûn hast. Kinst ferskillende kleuren ferve brûke. Stimpelje dyn fel fol mei kleur. Lit it goed drûgje.

As de ferve drûch is, kinst de foarm fan bledsjes om de stimpels hinne tekenje. Tekenje ek bistjes yn dyn grien. Wat soe in moai plakje wêze? Watfoar bistje soe der moai by passe? Sit de Aardichman ek ferstoppe op dyn fel papier?